

## Daniël Broersma (2005) Het wonderland achter de horizon

Assen: Koninklijke Van Gorcum, ISBN 9023241878, geïll., blz. 282, € 17,90

Piet Hemminga (Fryske Akademy)

In tredde jier nei't Frank Löwik oan de Grinzer universiteit promovearre op in dissertaasje oer de Twentse Beweging, stie op 22 desimber 2005 de histoarikus Daniël Broersma (Grins, 1974) op itselde plak om syn proefskrift *Het wonderland achter de horizon. Groninger regionaal besef in nationaal verband 1903-1963* te ferdigenjen. Sawat in jier dêrfoar promovearre Carola Simons oan dyselde Alma Mater op in stúdzje *Ruimte voor identiteit. De productie en reproductie van streekidentiteiten in Nederland*. Ek IJnte Botke syn Grinzer dissertaasje *Boer en heer* fan 2002 kin yn dit ramt neamd wurde. Dat liket der dochts op te wizen dat de akademyske belangstelling foar it regionaal eigene nei de lêste ieuwikel en nei eardere stúdzjes as dy fan Jensma, Van Ginkel en Sas net ôfnommen is.

Broersma stelt him ta opjefte om yn alve haadstikken, in ynlieding en gearfetting en konklúzje ynbegrepen, nei te gean hoe't de Grinslanner identiteitsfoarming ferrûn is, wa't derby behelle wienen, hoe't de Grinslanner identiteit ôfbeakene en foarmjûn is, en oft dy ôfbeakening lykop rint mei de grinzen sa't dy lutsen waarden troch bygelyks de Fryske Beweging. It proefskrift telt fierders fiif bylagen dy't allegearre te krijen hawwe mei bestean en gearstalling fan de Algemene Vereniging Groningen. Broersma jout bygelyks it bertejier, berte- en wenplak, berop en de sosjale status fan de ûnderskate bestjoersleden wer. Dat hat lykwols net folle doel om't Broersma dêr fierder neat mei docht. Yn de ynlieding formulearret Broersma fierder net allinne syn ûndersyksfragen, mar giet er ek, oan de hân fan de literatuer, op (de relaasje tusken) de naasjesteat en it regionaal besef yn.

Yn de fjouwer haadstikken dy't op de ynlieding folgje, giet Broersma op opkomst en fierdere ûntjouwing fan de Grinslanner Beweging yn. De haadstikken 6 en 7 beskriuwe oan de hân fan tinken en wurk fan twa leden fan de Grinslanner elite it mienskipstribjen en it regionaal besef fan dy elite yn de tritiger en fjirtiger jierren fan de foarige ieu. Haadstik 8 hâldt him dwaande mei de oarlochsjierrren en de Algemene Vereniging Groningen. Dêrnei folgje twa haadstikken oer de moeting tusken de Grinslanner elite

---

en Beweging en it ferfal fan de lêste, begjin sechstiger jierren. Broersma syn tasizzing dat it alfte, ôfslutende, haadstik de Grinslanner ûntjouwings mei dy yn oare parten fan Nederlân ferliket, wurdt net wiermakke. Likemin as dat it doel fan de stúdzje: it beskriuwen fan wat der krekt spile hat by de opkomst en de ynfolling fan it regionaal besef yn ûnderskate parten fan Nederlân, helle wurdt. De stúdzje giet dochs allinne en foaral oer it Grinslanner wjerfarren.

Broersma makket dúdlik dat trije mannen, yndustrieel Jan Evert Scholten, learaar Gerhard Wilhelm Spitzen – hoewol yn it boek net neamd, is Spitzen better bekend ûnder syn pseudonym Geert Teis – en dûmny Geert Aeilco Wumkes, oan it begjin fan de Grinslanner Beweging steane. Yn de skiednis fan de Grinslanner Beweging binne it lykwols foaral Scholten en Spitzen dy't neamd wurde. Wumkes syn besykjen om mei de Grinslanners in kombineard Frysk-Grinslânsk professoraat oan de Grinzer Universiteit klear te krijen, falt net yn goede ierde en syn stribjen om it Grinslânsk yn de tsjerke te brûken wurdt oerdreaun achte. Wumkes sprekt noch op de earste Grinslanner lândei yn 1919, mar dêrnei is syn rol yn dy rûnte útspile. Ek de Grinslanner Beweging giet in oare kant út as de Fryske Beweging. Dat jildt, sa't Broersma dúdlik makket, bygelyks foar de grûnslach fan de Grinslanner Beweging. De Grinslanner Beweging wurdt, doe't de delgong fan dy Beweging op it Grinslanner plattelân al spile, droegen troch benammen Grinslanner emigranten. Dy emigranten twifelje net oan it bestean fan in eigen Grinslanner kultuer, fundearre yn in oerâld plattelânsgrea mei in hechte folksmienskip. Dy Grinslanners bûten Grinslân dogge wakker har bêst om dy kultuer, kompleet mei kraantsjekannen en in nij folksliet, stal te jaan.

Haadstik 6 giet op it tinken en dwaan fan heareboer en politikus Herman Dirk Louwes yn, dy't op mear as ien plak oer it belang fan in sterk plattelân spruts en him yn de fyftiger jierren foar in learstoel foar it Nedersaksysk ynsette soe. It sânde haadstik wurdt brûkt om Johannes Linthorst Homan, fan 1937 oant 1941 Grinslanner kommissaris fan de Keninginne en yn 1939 oprjochter fan de stichting De Groninger Gemeenschap, dy't foaral bedoeld wie om de ienigens fan de Grinslanners te fersterkjen, mar dêr mar min yn slagje soe. Linthorst Homan wurdt foarsitter fan dy nije organisaasje, dy't yn 1942 ophâldt te bestean, en dêr't û. o. dr. Henk van der Wielen fan de folkshegeskoalle yn Bakkefean in bestjoerssit yn kriget. Mei Linthorst Homan kriget Van der Wielen, lykas oaren út it bestjoer fan de Groninger Gemeenschap, in rol yn de Nederlandsche Unie. Dy Unie sil, net oars as de Groninger Gemeenschap dat krigen hie, fûle krytyk út de protestantsk-ortodokse hoeke krije. De haadstikken seis en sân foarmje wat in yntermezzo yn it boek, om't haadstik acht de tried fan haadstik fiif wer oppakt en fierder giet mei de skiednis fan de Algemene Vereniging

---

Groningen fan nei 1940. Wat Louwes en Linthorst Homan krekt bydroegen hawwe oan de Grinslanner identiteitsfoarming bliuwt yn Broersma syn beskriuwing trouwens hiel wat ûndúdliker as har besykjen dêrta.

Yn de earste oarlochsjierrren besiket it bestjoer fan de Algemene Vereniging Groningen, fan 1930 oant 1961 ûnder foarsitterskip fan Klaas ter Laan, skriuwer fan it *Nieuw Groninger Woordenboek* (1929), desennialang SDAP-Keamerlid en de earste sosjalistyske boargemaster yn Nederlân, de organisaasje oerein te hâlden, ûnder mear troch de oansluten pleatslike organisaasjes yn 't earstoan oan te trúnjen har by de Kultuerkeamer oan te sluten. Dat de feriening yn datselde ramt dochs gjin ferlet hat om har by de stichting Saxo Frisia oan te sluten, ferklearret Broersma út it feit dat de feriening har hieltiten wer tsjin de Fryske Beweging keard hat, wylst de nije stichting de ferskillen tusken Friezen en Saksen krekt sa lyts mooglik makket. Dat is in beskate ferklearring, mar it wol my suver net oan dat Ter Laan c.s. gjin oare of fierdere argumintaasje brûkt hawwe om mar net mei Saxo Frisia yn see te gean.

‘Op 6 september 1941 deed zich binnen de Algemene Vereniging Groningen een incident voor met grote gevolgen’ sa skriuwt Broersma op side 132. De lêzer tinkt mooglik dat soks derop liket, mar it bliuwt by in minder slagge oparbeidzjen tusken it deistich bestjoer en ien fan syn leden dy't dêrnjonken lid fan de NSB is. It oanbelangjend lid fielt him miskend en beslút him net op 'e nij ferkiesber te stellen. Soks stelt dochs justjes te min foar om fan grutte gefolgen te praten. Foaral ek om't de feriening yn de oarlochsjierrren, neffens eigen sizzen, net folle mear dien hat as de moedfearren net hingje te litten, de oantrún fan de oansluten selskippen om har by de Kultuerkeamer oan te sluten dêrby ynbegrepen. Nei de oarloch is net elk it dêrmei iens, mar it bestjoer fynt, net sa ferrassend, dat it dien hat wat it dwaan moast.

Haadstik 9 giet oer it ynstellen fan in learstoel Nedersaksysk oan de Grinzer universiteit. It stribjen om in heechlearaar te krijen wurdt ynspireard troch de beneaming fan Jelle Brouwer ta heechlearaar Frysk yn 1941. De Grinslanner lobbyisten foar it heechlearaarskip Nedersaksysk sjogge, hiel paradoksaal, mar tagelyk tekenjend foar de Grinslanner beweging, it Frysk as foarbyld en tagelyk as fjân. Broersma jout, mei help fan it proefskrift fan Gjalt Zondergeld, yn it koart de foarskiednis foar it Fryske heechlearaarskip wer. Dat bart lykwols te koart om de hoeke en dêrmei wurdt gjin rjocht dien oan sawol it ferrin as de saak sels. Broersma neamt yn syn literatuerlist Tony Feitsma har *Kroniek van een eeuw universitaire Frisistiek I* dy't op dat punt fan belang is, mar lit net sjen dy foar syn haadstik 9 brûkt te hawwen. Hawar, trijeris wurdt besocht om de learstoel foarelkoar te krijen. Yn 1953 slagget dat en Klaas Hanzen Heeroma wurdt ta heechlearaar beneamd. De Algemene Vereniging Groningen stiet dan

lykwols al bûten spul, ek al om't de Grinzer wittenskip gjin boadskip hat oan it wollen fan de Grinslanner Beweging. Heeroma is boppedat net de troch de Algemene Vereniging Groningen winske kandidaat. Dat it heechlearaarskip der komt is sawol in saak fan lanlike polityk, as de opstelling fan de kuratoaren fan de Grinzer universiteit foar dy fan de letterefakulteit oer, sa makket Broersma dúdlik.

Yn haadstik 10 skriuwt Broersma oer it ta stân kommen fan de Groninger Culturele Gemeenschap. Dêrta oanset troch de Grinzer geograaf Hendrik Keuning wurdt op 'e nij it each rjochte op Fryslân dêr't sûnt 1938 de Fryske Akademy mei syn wurk út ein set is, en Drinte dat sûnt 1947 it Drents Genootschap hat. Ek de Ostfriesische Landschaft wurdt troch de Grinslanners besjoen. Ek as it om it ta stân bringen fan in nije oerkoepeljende organisaasje giet, rekket de Algemene Vereniging Groningen al gau op de eftergrûn. In feroaring fan namme keart wat dat oangiet de tsjinwyn net. Broersma merkt dat net op, mar de hiele gong fan saken docht mij op mear as ien punt tinken oan de skiednis fan de AVRO en de publike omrop. Sa leit sawol Ter Laan as foarsitter fan de Algemene Vereniging Groningen, as AVRO-direkteur Willem Vogt it eigenskipswurd 'algemien' bygelyks alle kearen sa út dat elk oar en nij ynisjatyf oerboadich achte wurdt. Lang om let en holpen troch in nij rykssubsydzje, komt dêrnei de stichting Groninger Culturele Gemeenschap yn it sicht. It nije oparbeidzjen fan de stichting De Groninger Warf en de him fan de algemiene feriening losmeitsjende Grönneger Sproak yn de sted Grins, meitsje it oprjochtsjen fan de Grinslanner wjergader fan de Fryske Kultuerried mooglik.

Broersma beslút syn ûndersyk mei it ferstjerren fan Ter Laan yn 1963. Dat is symboalysk sjoen in moai ein foar de stúdzje, mar oft dat foldwaande reden foar Broersma wie om syn wurk op dat punt te beëinigen, is my net dúdlik wurden. No liket it oft de Grinslanner Beweging mei it ferstjerren fan syn langjierrige foarsitter sels ek oan de ein kommen is, wylst de *Nieuwe Groninger Encyclopedie* fan 1999 my leart dat de tachtiger jierren, tweintich jier nei Ter Laan syn ferstjerren, in nij oplibjen fan dy Beweging en an it regionaal besef sjen lit. Benammen de muzyk spilet dêr in rol by. Dichter en sjonger Ede Staal en Radio Noord kinne dêrby as nije aktoaren beneamd wurde.

Krekt om't Broersma syn wurk al yn de sechstiger jieren ophâlde lit, kin er konkludearje dat de opbloei fan it Grinslanner regionaal besef alles te krijen hat mei de migraasje fan Grinslanners. Krekt de Grinslanners bûten Grinslân spylje in rol yn it oerein hâlden fan dy saken en ferskynsels dy't achterlitten wienen. Dêr foaroer stiet de Grinslanner elite yn de provinsje oan op modernisearring en fierdere yndustrialisaasje. Dy spanning tusken emigranten en thúsbliuwers, tusken nostalgy en modernisearring, moat

dúdlik meitsje hoe't de Grinslanner identiteitsfoarming oant de jierren sechstich fan de foarige ieu ferrûn is. Tagelyk moat dêrfan sein wurde dat Broersma in soad each hat foar de emigranten, mar wat my oanbelanget te min each foar de thúsbliuwers. Ik freegje my ôf oft de werklikheid dêrmei foldwaande rjocht dien wurdt. Hat Broersma gjin wichtige aktoaren oer de holle sjoen, mei alle gefolgen dy't sok dwaan hat? As earste tink ik dan oan de yn Grinslân yn de foarige ieu ferskynde deiblêden. Dy wurde yn de stúdzje net neamd. Hat yn Grinslân net soks spile as wat Marcel Broersma skriuwt yn syn stúdzje oer de Leeuwarder Courant (2002) dy't in *imagined community* kreëard hat 'waarvan de leden (de lezers) voelden dat zij bij elkaar hoorden. En deze gemeenschap was Fries.' My liket dat Daniël Broersma syn hast eksklusive omtinken foar benammen de Algemene Vereniging Groningen te beheind is om it werklike Grinslanner regionaal besef op it spoar te kommen. Wat hat yn dat ramt fierder de ynfloed west fan oare wichtige aktoaren, lykas bygelyks de Rijksuniversiteit Groningen, Groninger Maatschappij van Landbouw of Noordelijke Economische Technologische Organisatie? Wat hawwe VVV en reclamekampanjes dien op it mêd fan de byldfoarming? En hokfoar byld fan Grinslân hawwe yn de rin fan de jierren allerhanne ierdrykskundefearboeken útdroegen? Feitlik giet Broersma ek net op de kwestje yn hokfoar aktoaren bestudearre wurde moatte. Dêrmei is syn stúdzje yn myn eagen dan ek folle mear in beskriuwing fan de skiednis fan in inkelde Grinslanner organisaasje wurden, as in djipdollend antwurd op de troch himsels formulearre fragen hoe't de Grinslanner identiteitsfoarming ferrûn is en wa't dêrby behelle wienen.

De troch Broersma formulearre fraach hoe't de Grinslanner identiteit ôfbeakene en foarmjûn is, en oft dy ôfbeakening lykop rint mei de grinzen sa't dy lutsen wurde troch bygelyks de Fryske Beweging, wurdt likemin helder beändere. Spitigernôch ferliket Broersma de Grinslanner ûntjouwings net mei dy yn Fryslân, foar safier't it giet om wat Goffe Jensma de strange boedelskieding tusken Frysk- en Nederlânsktalige kultuer/literatuer neamd hat. De Fryske Beweging wurdt foaral as negatyf referinsjepunt opfierd, wylst de oerienkomsten tusken Fryske en Grinslanner Beweging sadwaande ûnderbeljochte bliuwe. Foar de analyze is dat op syn minst spitich te neamen.

